



TURKSE MASSAAZJE

(A toe in the water)

Komeedzje yn twa bedriuwen

troch

DERREK BENFIELD

Fryske oersetting

Alle Geart Hof

TOEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TURKSE MASSAAZJE - A TOE IN THE WATER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DERREK BENFIELD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2014 D. Benfield

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **6** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Gerlof Zandstra

Berend Wotte

Palsma

Lubke

Sibrich

Marije

3 froulju en 3 mânlju.

TOANIEL:

It stik spilet yn de simmer op ferskate lokaasjes yn in kueroarde.

Earste bedriuw: in freedtemiddei

Twadde bedriuw: in pear minúten letter.

Tiid: Op dit stuit.

EARSTE BEDRIUW

In kueroarde op in prachtich stee yn it lân. It publyk sit om samar te sizzen yn it swimbad. Foarop it toaniel stiet in lisstoel en in stoel mei kessens yn heldere kleuren. In klapdoar komt út op in Turks bad en de sauna. In bôgefoarmige trochgong oan de oare kant giet nei de sliepkeamers dy't oan de djippe kant fan it swimbad lizze. Efteroan, oan de kant fan de klapdoar, is it trochgong nei de haadyngong, de massaazjesalon en de behannelkeamer en de dokter. Efteroan is in sliepkeamer mei in doar nei de gong ta in doar nei de baaikeamer en in skorút. De sliepkeamer leit op de earste etaazje en moat wat heger lizze as it swimbaddiel.. Yn it twadde bedriuw sil dizze sliepkeamer tsjinst dwaan moatte as twa aparte sliepkeamers, dat wurdt oanjûn mei wikselsejende keamernûmers aan de bûtekant fan de doar, dy't foar de minsken yn de seal sichtber wêze moatte. De Ijochten geane op boppe it swimbaddiel. Der spilet stadige muzyk. In fredich en râstjouwend tafrieltsje. Op de lisstoel leit ien hiel stil sûnder te ferwegen yn in grut bedlekken, it gesicht is net te sjen. Troch de haadyngong komt Berend op, hy sjocht ûnwis om him hinne. It is in jeuchlike jongkeardel mei each foar de famkes., mar op dit stuit hat er hielendal gjin selsbetrouwien., dit komt troch de fjemde omjouwing. Hy hat in wykeintas by him.Berend sjocht it yn it badlekken bewuolle figuer net en rint nei foaren ta. Hy is nijs gjirrich.. Hy sil krekt de doar iepen triuwe as er kjel wurdt fan in stimme dy't út it badlekken wei komt.

Gerlof: Soest dyn broek netris útdwaan? (*Berend draait him kjel om*)

Berend: Pardon? (*as in kop fan in skyldpodde komt der in kop út it badlekken wei. Gerlof is in keaze man fan sa'n fyftich jier*)

Gerlof: Der binne der net sa'n soad dy't mei alles oan yn in Turks bad omrinne.

Berend: (*mei ôfkarring*) Sit dat der efter?

Gerlof: Turks bad en sauna.

Berend: Harregarre!

Gerlof: Dêrom bist hjir hinne kaam, om te kueren.

Berend: Ik tocht it net!

Gerlof: (*ynienen*) Aha.!

Berend: Wát?

Gerlof: (*sjocht him erchtingend oan*) Do bist hjir foar wat oars!

Berend: (*glimket dom*) Ja..

Gerlof: Dat waard ek wolris tiid net? Wêr bist bleaun?

Berend: (*sjocht op syn horloazje*) Ik bin mar twa oerkes telet.

Gerlof: Twa dagen silst bedoele! Wy hiene wol dea wêze kind .

Berend: Wát..?

Gerlof: Lit dat klean út dwaan no mar sitte, soks jildt net foar leadjitters.

Berend: Leadjitters?

Gerlof: (*yn syn badlekken komt Gerlof as in klaproas oerein*) Dat Turks bad doocht net. De liedingen steane op springen. As it dêr noch hijter wurdt, wurde wy aanst lansearre, dus rôlje de mouwen mar op..!

Berend: Mar ik bin hielendal gjin leadjitter!

Gerlof: Ast gjin leadjitter bist en do komst hjir net hinne om te kueren..., wat dochst hjir dan eins?

Berend: Ik haw hjir ôfsprutsen mei ien.

Gerlof: In ôfspraakje..? Hjir?

Berend: Ja.., ik fûn it ek nuver..

Gerlof: Wêrom hast dan boekt?

Berend: Ikke net..., sy!

Gerlof: Wa..?

Berend: Myn freondinne.

Gerlof: Hast in ôspraakje mei in jongfaam hjir?

Bered: Ja....

Gerlof: Dan kinst mar better alle klean út dwaan. (*docht de doar iepen nei it Turkse bad en bromt*) Palsma!

Berend: (*kjel*) Jo geane dêr net yn wol?

Gerlof: Ik haw der al foar betelle! En as ik der foar betelle ha nim ik oan dat it goed foar my wêze sil. (*Gerlof ferdwynt yn it Turkse bad en lit de klapdoar eefkes efter him swypkje. Palsma komt op. Palsma is in respektabel man , dy't deugdsumens heech yn it findel hat. Hy kin de druk fan de ferantwurdlikens hast net oan. Hy hat in trainingsbroek en in T shirt mei it logo fan it kueroarde oan. Hy hat in 'clipboard' yn de hân mei in soad papieren der op. Hy sjocht Berend mei de wykeintas stean en rint fuortendalik op him ta*)

Palsma: Moai.., dêr wiene jo dan lang om let..!

Berend: Wa binne jo?

Palsma: Palsma de manager! Wêr hawwe jo al dy tiid sitten? Wy wachtsje op jo!

Berend: Ik bin mar twa oerkes telet.

Palsma: Kin neat skele..., jo binne der en dat is it wichtichste, dus stean dêr no mar net te stean. Jo witte wêrt it om giet, dalik mar beginne soe'k sizze.

Berend: (*mei wille*) No dalik?

Palsma: Of wolle jo noch eefkes wachtsje, faaks?

Berend: Mar ik tocht net dat jo...

Palsma: Hawwe jo in wetterpomptange by jo?

Berend: It spyt my mar ik...

Palsma: En of jo spyt ha moatte! Wy reitsje allegear ôgryslik hjit! Ik bin alhiel útdroege..., mar gau begjinne mei jo leadjitterswurk..

Berend: Jo hawwe it ek al oer leadjitters!

Palsma: Wát..?!

Berend: Dy man dêr yn dat badlekken.

Palsma: Aha.., dat sil menhear Zandstra west ha! Wêr gyng er hinne? Dy soe op dit stuit by de Turkse mefrou Catajoy wêze moatte.. (*sjocht op it 'clipboard'*)

Berend: Hy gie troch dy doar.. (*ûnleauwich*) Hy sei dat dy doar nei it Turkse bad en sauna giet.

Palsma: Ja, dêr sit it probleem! Gau ynoarder meitsje soek'k sizze. (*wiuwt Berend rjochting klapdoar*)

Berend: Mar dêrfoar bin ik hjir net!

Palsma: Net om it Turkse bad te reparearjen?

Berend: Nee.

Palsma: Wêrom hawwe jo dan in wetterpomptange by jo? Wat sit dêr yn dy tas?

Berend: (*lûkt oan syn skouders*) Och , fan alles...

Palsma: Fan alles?

Berend: No ja..T-shirt , spikerbroek ..., toskeboarstel..

Palsma: It is net de bedoeling dat jo hjir toskeboarsteltsjes ferkeapje, eltse gast nimt syn eigen mei.

Berend: Dat haw ik en dan bin ik.

Palsma: (*begrypt it net*) Soene jo dat eefkes ûndertitelje wolle?Myn holle rint om! (*hân oan de holle*)

Berend: Ik bin in gast en ik haw myn toskeboarstel by my

Palsma: Jo woene sizze dat jo boekt hawwe?

Berend: Jawis!

Palsma: (*sjocht it noch sitten*) Jo lykje my net op de wênstige klanten..Ik sil jo namme op de boekingslist neisjen moatte. (*Hellet in boekingslist foar't Ijocht*) Ris sjen of wy jo werom fine kinne. (*der komt wat stof fan de list ôf, Palsma skrillet der fan werom*) Ik moat in nije list oantúge, it stof krûpt yn de holtsjes. Namme?

Berend: Berend.

Palsma: Allinne Berend? Fierder neat?

Berend: Pardon?

Palsma: Berend wat?

Berend: Ja.

Palsma: (*wurch*) Noch marris.

Berend: As jo dat wolle..

Palsma: Efternamme!

Berend: Wotte!

Palsma: As jo hurdhearrich wurde, kinne jo mar better nei dokter gean.

Berend: Nee! Dat is myn etternamme- Wotte!

Palsma: Wotte?

Berend: No dogge jo it sels ek al.

Palsma: Berend Wotte?

Berend: Harstikke moai, wy binne der út!

Palsma: (*sjocht op de list*) Ik leau net dat der in Berend Wotte op'e list stiet.

Berend: Nee, dat kin wol útkomme.

Palsma: (*slacht it boek mei de list ynienen ticht. Mear stof, hy hoastet in bytsje*) Jo seine dat se jo ferwachtsje.

Berend: Ja, dat kin wol útkomme , mar...

Palsma: As jo net op'e list steane, wurde jo ek net ferwachte en as jo net ferwachte wurde, binne jo in ynfiltrant.

Berend: (*begrypt it net*) Wat is in ynfiltrant?

Palsma: Hy dy't trochkringt. Hy dy't him mingt en oplost. Binne jo dêr faaks mei dwaande , minge en oplosse?

Berend: Ik wit net wêr't jo hinne wolle.

Palsma: Ynfiltranten wurde hjir net talitten. Fral net sjoen de minsken dy't hjir yn badjas en 'bodystocking ' omrinne.

Berend: Jo begripe my net, ik sykje om in famke.

Palsma: Dan kinne jo mar better earne oars sykje. Dit is in kueroarde en net in plak foar lichte fûgels. (*rint op de doar ta. Lubke komt út de sliepkeamer wei op. It is in kreas fanke, se hat in koart badjaske oan, se sjocht Berend*)

Lubke: Berend! (*Berend draait him kjel om en sjocht Lubke. Hy gnysket*) Wêr bist bleaun? Do bist fierstente let!

Berend: Begjinsto ek al? (*rint op har ta*) Wêrom rinsto hjir om yn badjas?

Lubke: Dit is in kueroarde. Se rinne hjir allegear yn badjas.

Berend: Tsjong! .. (*omearmje elkoar*)

Lubke: Ik wachtsje al oeren op dy!

Berend: Ik haw om in hotel socht. Do hast noait sein datst yn in kueroarde boeke soest.

Lubke: It like my wol in goed plan ta.

Berend: Hoesa?

Lubke: Ik haw dy dochs ferteld hoe't ús heit is?

Berend: Wat hat jim heit dêr no mei te krijen? Wy sille dochs sels witte wêr't wy hinne gean?

Lubke: Hy is altyd slim dreech as ik mei immen út gean sil.

Berend: Do woest sizze dat hy it net goedkarre soe datst mei in glêzewasker giest?

Lubke: Ik haw dy foar him warskôge.

Berend: En dêrom hast yn dit hok boekt?

Lubke: Dit like my diskreter..Us heit hat gjin besleur oer kueroardes, hy fynt it hjir noait!

Berend: Gekokkich mar.!

Lubke: No kom ju! (*se grypt syn hân en rint mei him fuort*)

Berend: Wêr sil dit hinne?

Lubke: Do moatst út 'e klean.

Berend: Ik tocht datst it noait freegje soest...! (*Lubke laket en nimt him mei de sliepkeamer yn. At se ôfgeane wurdt de doar nei it Turkse bad iepensmiten en stroffelt Gerlof nei bûten ta. Hy is noch altyd yn in badlekken wikkele, hy hapt nei de siken..Hy giet langút op de lisstoel lizzen, bliid dat er út dy hel wei is. In golf fan romantyske muzyk kundiget de komst fan Sibrich oan. Se komt út it swimbad wei op. In moaie wat tsjokke jongfaam. Sibrich sit dêr net mei, se mient sels dat se slank en seksy is. Wylst se har handoek opkrijt sjocht se nei Gerlof. Se slûpt op him ta , se bûcht oer him hinne en flûstert*)

Sibrich: Menhear Zandstra....

Gerlof: (*syn gesicht dûkt út it lekken wei op, hy sjocht har en reägearret panikerich*) Oh goede!

Sibrich: Ik tocht al dat jo it wiene..

Gerlof: No, ik bin it net hear! (*krûpt wer ûnder it badlekken*)

Sibrich: Dan is it immen dy't in soad wei hat fan him.

Gerlof: (*komt wer foar't ljocht*) Ja, myn twillingbroer! Ik bin hjir hielendal net! (*komt oerein en besiket te flechtsjen mar stroffelt oer it lekken en falt*)

Sibrich: Dit is dochs ek wat..., dat jo en ik nei itselde kueroarde kaam binne.

Gerlof: (*grammitich*) ja..eh...tafallich.. (*klattert oerein en hâldt it badlekken om him hinne om syn weardicheid te bewarjen*)

Sibrich: Wat sille se op it kantoar wol net sizze at se hearre wat hjir te rôden is.

Gerlof: Hjur is hielendal neat te rôden! Wy binne hjir op't lêst net tagelyk hinne gien.

Sibrich: Nee mar...

Gerlof: (*skerp*) En wy sille hjir tegearre perfoarst net in hoart tesïik bringe.

Sibrich: Wy soene...

Gerlof: Nee, dat soene wy net!

Sibrich: Wêrom net? Op't kantoar binne wy ek altyd byelkoar.

Gerlof: Dat is oars. Dan sitsto efter de komputer, mei de klean noch oan en rin ik net yn in badlekken om.

Sibrich: (*gichelit*) Dat soe grappich wêze...as wy op it kantoar ek sa omrinne soene ...

Gerlof: Ja, hiel grappich..Kinne wy kaatsjes ferkeapje foar de útfiering.!

Sibrich...., do kinst dy no wol ôfjaan!

Sibrich: Wêrom ?

Gerlof: Omdat ik my net ynspanne wol, dêrom!

Sibrich: Dêr soe ik jo moai by helpe kinne. ..ûntspanne bedoel ik. (*rint leidlik op him ta*)

Gerlof: Nee, dat kinsto net...! (*se glimket at se sjocht hoe ûgemaklik as er him fielt*)

Sibrich: Ik woe it earst net leauwe doe't ik jo hjir seach ..Wat in ferrassing!

Gerlof: Do wiest op'e hichte fanke, dat ik hjir hinne soe..

Sibrich: (*ûnskullich*) Nee hear!

Gerlof: Do hast sels it brief typt foar myn reservearring..

Sibrich: Allinne is mar allinne, menhear Zandstra...Ik wie ûnwennich fan jo...Sil ik wat te drinken ophelje?

Gerlof: Doch fral gjin muoite!

Sibrich: Net útnaaie hear! Ik kom dalik werom. (*gnysket him ta en giet ôf*)

Gerlof: Oh myn leave Sytske ...! (*Gerlof giet ûntset efteroer en bestoppet himsels ûnder it lekken. Palsma komt op, hy siket nei ien. Hy sjocht Gerlof lizzen en rint op him ta*)

Palsma: Menhear Zandstra! (*gjin antwurd*) Menhear Zandstra ..! (*gerlof docht krekt at er dôf is en hy hat de hoop dat Palsma him wer ôfjaan sil*) It hat gjin inkeld doel om jo dôf te hâlden. Ik wit dat jo hjir binne. (*besiket it badlekken iepen te lûken*)

Gerlof: (*dimmen*) Fuort....Fuort..!

Palsma: En mefrou Catajoy dan? Jo wolle mefrou Catajoy dochs net wachtsje litte?

Gerlof: Kerkt al!

Palsma: Mar se is sa goed foar jo..! Jo witte ek wol dat it jo altyd goed dien hat as jo by har west ha.. (*de holle fan Gerlof komt foar't Ijocht*)

Gerlof: Kin ik mefrou Catajoy netris oerslaan?

Palsma: Mar dy massaazje fan har..., dêr hawwe jo foar betelle! Wy kinne jo jild dochs net oannimme as jo de kuer net folgje?

Gerlof: Helje dan mar tsien persint fan de rekken ôf en sis dy massaazje ôf. (*ferdwynt wer ûnder it lekken*)

Palsma: (*mei glimke*) Och menhear Zandstra, jo meitsje der in potsje fan.

Gerlof: Harkris Palsma .., it is dochs de bedoeling dat ik it nei't sin ha, dat ik wille ha?

Palsma: (*makket meneuvels dat er swije moat, hy wâlet fan dat wurd wille*) Ssstt...,sssttt.. (*sjocht om him hinne at er ek ien is dy't it heard hat*) Ik hoopje net dat jo hjir hinne kaam binne foar in plezierke.

Gerlof: Wêrom net? It is djoer genôch!

Palsma: (*docht de earen ticht, op spitige toan*) Nee, menhear..., dit is in

kueroarde, gjin fakânsjepark. Hjir hellet men it plezier út in fitaal lichem
(*draaft eefkes op it plak dêr't er stiet. Gerlof sjocht driigjend nei him*)

Gerlof: Sa is't wol genôch Palsma! (*Palsma draaft*) Palsma! (*Palsma stiet stil*) Woene jo sizze dat ik in lijenswike temjiitte gean?

Palsma: In lytse priis foar in sûn lichem (*bûcht him nei Zandstra oer*) Ek in earste stap nei in geastlik sûn lichem...

Gerlof: Der mankearret my neat oan myn geastlike sûnens, Palsma!

Palsma: Fansels net..Ik woe allinne sein ha dat jo...

Gerlof: Hoe dan ik..., ik tink net dat ik op dit stuit dy massaazje oan kin.
Net nei in Turks bad...! It is gewoan in hel, se lizze it aanst ôf dêr! Soene jo net wat regelje mei in leadjitter?

Palsma: (*ûngelokkich*) Ik haw it besocht .., mar de tasizzing fan leadjitters is gjin stoer wurdich.. (*hoopfol*) No, menhear Zandstra, binne jo safier?
Sille wy ..eh...? (*swaait mei syn earmen as soe er dûnsje*)

Gerlof: Dûnsje ..?

Palsma: Nee, nee!

Gerlof: Wat dan?

Palsma: Mefrou Catajoy stiet te wachtsjen.

Gerlof: Dan kin se noch lang wachtsje.!

Palsma: (*floddert oer it toaniel as in stjerrende flinter, wanhopich lûkt er Gerlof oerein*) Kom, menhear Zandstra.., jo kinne it wol..! (*Palsma besiket Gerlof mei te lûken, mar Gerlof set it yn'e kant*)

Gerlof: Hielendal net..!

Palsma: Wis wol...!

Gerlof: Nee..!

Palsma: Wis wol...! (*it wis wol en nee wurdt ritmysk en sa reitsje se fersile yn in dûnske. As Gerlof troch hat wat der bart triuwt er Palsma by him wei*)

Gerlof: Palsma man..., wêr binne jo mei dwaande?

Palsma: Ik liet my eefkes gean...

Gerlof: Litte wy it der mar op hâlde...ik lit my net massearje troch mefrou Catajoy, út! (*giet wer sitten*)

Palsma: Mar it is in follein útbalansearre programme, as speaken yn in tsjil! helje der ien út en der komt in slach yn!

Gerlof: Palsma.!

Palsma: Doch it no mar, oars falt myn hiele wurk yn diggels.

Gerlof: (*hurd*) Palsma! (*Palsma komt ta himsels*) Jo hoege foar my net troch it lint te gean... (*mei tsjinsin*) No ja..., ynoarder, wat moat, moat dan mar.. (*oerein*)

Palsma: (*optein*) Oh..., tige tank, menhear! Kom mar mei!

Gerlof: (*ûnderweis*) Ik krij noch leaver in massaazje fan Mefrou Catajoy, as dat ik sjen moat dat jo wurk yn diggels falt. (*ôf nei massaazje salon*.)

*De ljochten yn de sliepkeamer geane op. Berend en Lubke komme op.
Op de sliepkeamerdoar sjogge wy no it nûmer 10 hingjen, Berend set
syn weekein tas op bêd)*

Lubke: No..., wat seist der fan?

Berend: (gnysket) Dat moat ik earst sjen..

Lubke: De keamer sleaukert!

Berend: (sjocht om him hinne) Oh..., ja moai... Ik haw it noch noait dien,
moatst rekkenje...

Lubke: Dat sil't wol.

Berend: Net yn in kueroarde! (*laket en rint op it finster ta. Hy sjocht wat
dat him unrêstich makket*) Wêr binne dy ydioaten no wer mei
dwaande? (*Lubke stiet nêst him, tegearre sjogge se nei bûten*)

Lubke: Oefeningen fansels..!

Berend: Oefeningen?

Lubke: Dat is allinne mar goed foar dy! Ik hie eins ek mei moatten, mar
ik haw sein dat ik op dy wachtsje soe.

Bered: (mei ôfgriis) Do wolst dochs net sizze dat wy dat ek dwaan
moatte?

Lubke: Jawis.., alle middeis..

Berend: Ik leau net dat ik it hjir lang úthâlde sil. (*smyt syn spullen op bêd*)

Lubke: As it oan dy lein hie, wiene wy no noch dwaande west op de
efterbank fan dyn auto. (*rint op him ta*) Do fynst it aanst wol moai,
Berend.

Berend: (drokt mei útpakken) Soe't al?

Lubke: Wy binne no dochs byelkoar? Allinne wy mei ús twaën (*Berend
sjochst nochris om him hinne*)

Berend: Yndied! (*se tútsje elkoar. Hy besiket har op'e bank te krijen, mar
Lubke hâldt him tsjin*)

Lubke: Nee!

Berend: Wat?

Lubke: Dat kin no net.

Berend: Ik tocht dat wy dêrom hjir wiene.

Lubke: Dêr ha wy aanst noch genôch tiid foar.

Berend: Hielendal net. Moarn moatte wy oefenje. (*besiket it opnei*)

Lubke: Nee, Berend, dat mei net.

Berend: Wat sei...?

Lubke: Do bist noch mar krekt oankaam.

Berend: Wat hat dat der no mei te krijen?

Lubke: No, do moatst earst woegen wurde.

Berend: (*tinkt der oer nei en glimket dan*) Wat seiste

Lubke: Do wurdst earst woegen...

Berend: Dat mienst net..!

Lubke: Jawis..., ast oankomst en ast wer fuort giest.

Berend: Doch net sa nuver!

Lubke: Se moatte witte hoe swier ast bist foardatst begjinst en nei de kuer
wurdst nochris woegen..

Berend: Hoe is't mooglik!

Lubke: En se hâlde dyn bloeddruk ek yn'e kuer..

Berend: (beskieden) Der sille altyd wol útsjitters by wêze fansels!

Lubke: Dat sette se allegear op in kaart.

Berend: Hokfoar kaart?

Lubke: Dyn prestaasje kaart.

Berend: Wolle se myn prestaasjes byhâlde?

Lubke: (geduldich) Dêr betelje wy dochs foar sleaukerd

Berend: Om alles by te hâlden wat wy dogge?

Lubke: Mar dat makket dochs neat úr foar ús beide?

Berend: Oh nee?

Lubke: Nee fansels net.

Berend: Oh no, dan sil it wol goed wêze...

Lubke: Dus, ast dy dêr eefkes útklaaie wolst...

Berend: Dat harket al hiel oars..! Ik begjin dalik mar.. (*begjint syn
besgroentsje los te knoopjen*)

Lubke: Ik bin yn it swimbad.. (*sil har ôfjaan*)

Berend: Mar ik doch krekt de klean út!

Lubke: Ja..

Berend: Wêrom giest fuort?

Lubke: Hoe woest sizze? Wolst der muzyk by ha?

Berend: Ikke..? It like my ta datst hjir bliuwe soest..

Lubke: Kinst dy net allinne rôde?

Berend: Fansels rôdt ik my wol allinne.

Lubke: Ast de klean út hast rinst nei ûnderen en litst dy wage. (*docht de
doar iepen nei de gong ta*) Oant aansen! (*se blaast him in tút ta en giet
ôf*)

Berend: Soademiters! (*hy kriget syn weekendtas fan't bêd en giet ôf nei
de baaikeamer. It ljocht yn de sliepkeamer giet út. Yn it swimbad;
Sibrich komt op mei in mok bouillon, se tinkt dat Gerlof noch yn de
lisstoel leit*)

Sibrich: Sjoch..., moai hastich werom watte? (*se bliuwt stean at se him
net sjocht. Palsma komt mei stevige trêd op*) Hawwe jo menhear
Zandstra ek sjoen?

Palsma: Hy mei net steurd wurde, hy leit by mefrou Catajoy..

Sibrich: (fernûvere) Wa is mefrou Catajoy?

Palsma: Woene jo sizze dat jo mefrou Catajoy noch net moet ha?

Sibrich: Nee. Leit menhear Zandstra faak by har?

Palsma: Wat oars! Dat docht er alle dagen!

Sibrich: (*mei ôfgriis*) Hoelang ..?

Palsma: Oh..., minstens in healoere en dat docht him geweldich goed.

Sibrich: Ja, dat sil't wol..!

Palsma: (*sjocht op syn clipboard*) Ik kin my hast net foarstelle dat jo noch net by mefrou Catajoy west hawwe. Ik sil it foar moarn regelje. (*skriuwt wat op*)

Sibrich: Eins haw ik leaver dat jo dat net regelje.

Palsma: Begjinne jo no ek al? It heart by de behannelingen, mefrou Catajoy is in geweldige masseuze.

Sibrich: (*mient it te begripen*) Ik begryp it.. (*gichelt*)

Palsma: Wat hiene jo dan tocht... Mei ik der op wize dat dit in fatsoenlik bedriuw is? Foar flikflaaikjen is hjir gjin plak. (*rint om*)

Sibrich: Dat binne jo wurden...!

Palsma: Hoe seine jo?

Sibrich: Ik sei; oars soe it ek wat moais wurde.. (*Palsma sjocht har wiveljend aan en rint dan op de sliepkeamers ta. Sibrich giet sitten mei har bouillon. Lubke komt op, se docht de badjas út, se sjocht Sibrich*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto